

**Gearkomste GWF 8 oktober 2022 om 13.30 oere Tresoar Ljouwert.**

Reitze Jonkman oer de famylje Van der Sluis en it rekkenboek dat hja neilitten hawwe.

Oanwêzich 30 besikers.

Foarsitter docht earst meidieling fan behindering fan:

Griet Braaksma fan Dokkum; Jan S Seinstra fan Ljouwert en Sjoerd de Boer fan de Pein.

Hy meldt it ferstjerren fan Poppe Jansma út Bakkefean en Hendrik de Jong út Hearrenfean.

Dan is it wurd oan Reitze Jonkman en kin dizze op 'e tekst oer de famylje Van der Sluis. De oarsprong fan dizze famylje en fan de famyljenamme leit yn 'e Himrik. De famylje wenne der oan de kompanjonsfeart by de Himriker slûs. By de tsjerke fan 'e Himrik grêfkelder fan de famylje Van der Sluis. De famylje (Alle Wytzes) gong nei Appelskea, der't hja in wichtige rol yn de feanterij spilen. It útjefte boek jout ynsjoch yn it feanbedriuw.

Reitze Jonkman hat hjiroer in boek skreaun mei de titel "Eene quaestie van vraag en aanbod, veenbaas Alle Wytzes en zijn arbeiders in Appelscha".

Hoe siet in feanterij yn elkoar.

De eigners fan de feangebieten (kompanjons) ferkochten it fean oan feanbazen. De feanbazen wiene dus gjin eigener fan de grûn, mar allinne mar fan it fean.

Dat fean lieten hja ôfgrave troch feanarbeiders. De turf waard ferkocht oan turfskipper, dy't de turf oer de fearten ferfierden nei de grutte stêden yn it westen fan Nederlân.

**Minsken dy't yn it fean wurken:**

Kompanjons: lizze de feart oan, ferkeapje it fean, mar net de grûn

Feanbaas: eigener fan it fean; litte it ôfgrave; de arbeiders binne in kostepost.

Turfgraver: graaft it heechfean yn tsjinst fan de feanbaas ôf en krijt stiklean.

Turflizzer: meast froulju dy't de turf op steapels lizze om te drûgjen

Turfskipper: keapet de turf fan de feanbaas en ferfiert en ferkeapet it nei de ôfnimmers.

Fjildwurkers: meitsje it ôfgroeven lân geskikt foar lânbou



De stamheit fan dizze famylje is Alle Sjoerds, berne om 1530 hinne yn Terwispel. Foar genealogyske gegevens sjoch ek op 'e webside fan Reitze Jonkman:

<https://www.rjonkman.nl/dagboek/alle%20sjoerds.htm>

De ûndernimmende famylje van der Sluis buorket goed yn de ferskate feanterijen. It jild komt somtiden letterlik mei kroaden binnen. Mei help fan kranteberjochten kinne wy berekkenje dat de ynkomsten f 27.000 wiene wylst de útjeften f 18.000 wiene, in winst dus van f 9000, rendemint 50%.

### **Wiene de feanbazen no woldoggers of útsûgers?**

Hja seagen de arbeiders as in kostepost, mar foar de fêste arbeiders soargen hja ek goed. Sa krige de fêste kearn in stiennen wente en in hiel aardich ynkommen. Hja (Van der Sluis) wiene tsjin de twongen winkelnearing en drankgebrûk. Yn de feanterijen fan Appelskea ha ek net in protte stakings west. Eins mar ien, yn 1888, it jier dat Domela yn de Twadde Keamer keazen waard. Sûnt 1880 wie de produksje ynsakke en gong it minder yn de feanterij. Mear oer de ûndernimmende famylje Van der Sluis en de feanterij yn 'e omkriten fan Appelskea is te finen op 'e webside fan Reitze Jonkman: [www.RJonkman.nl](http://www.RJonkman.nl).

Ta beslút fan de middei wurde noch de kommende lêzings oankundige en as der neat mear foar it omfreegjen is slút de foarsitter de gearkomste.

Rinse Spits

15 oktober 2022